De Koepel

75 jier

75e JIERGONG
no. 2, febrewaris 2023

Doarpskrante foar Wytmarsum en omkriten

Redaksje:
Wim Beckers
Betty Popma - van Olst
Jellie Koops - Benedictus
Feikje Adema - van den Berg
Adri de Vries
Gerke Terpstra

Heeringa
onderbouwt bouwen

Wooncomfort begint met duurzame keuzes!

Uw partij voor gedegen advies en vakkundige uitvoering bij het verduurzamen van **van uw woonhuis!**

www.bouwbedrijf-heeringa.nl
info@bouwbedrijf-heeringa.nl

Heeringa
onderbouwt bouwen

Heeringa
onderbouwt bouwen
betekent:

- Eén vast aanspreekpunt
- Van ontwerp tot realisatie
- Advies in bouwtechniek, bouwfysica, installaties en subsidies
- Meedenken met de opdrachtgever
- Vakkundige uitvoering door eigen en betrokken medewerkers
- Garantie op alle werkzaamheden
- Gratis service check 1 jaar na oplevering
- **Een voorspoedige duurzame bouw!**

Kat en Harke

As ik dit en nijs skriuw waait de wyn ûnlijich om it hûs en stiet 's nachts in lichte froast op it menu. Offisjeel is it winter, mar dat is it krekt dus eins ek wer net, want it liket betiden mear op de hjerst. Efkes wie de iisbaan iepen, mar de sletten út om te reedriden wie der net bij. Miskien mei om dy reden kamen der hiel wat nostalgyske oantinkens boppe dy't 60 jier werom gongen nei de Alvestêdentocht fan 1963. De tocht der tochten wie dy winter oergryslik swier om te folbringen, of sa't Abe Lenstra sei: "Net te dwaan!". En hy krige gelyk want it tal riders wat opjaan moast wie grut en Reinier Paping skreaun skiednis as winner fan dizze meunster tocht. Mar ja dat wie 60 jier ferlyn. No ja, wat is 60 jier no? Nee dan 75 jier! It is jimme grif al opfallen oan de foarkant fan ús blêd. Under it motto: 'Doarpskranten komme en gean, mar De Koepel bliuwt bestean' wurdt ús blêd yn oktober 2023 al 75 jier: 'Still alive and kicking!' om it mar ris yn it geef Frysk te sizzen. Yn 1948 besletten in tal ferienings yn Wytmarsum mei in doarpskrante / kontaktorgaan útein te setten. It doel wie om ferienings tichter byinoar te bringen sadat men better meiinoar gearwurkje koe en saken better op inoar ôfstimme koe. As namme waard De Koepel koazen, net allinnich fanwegen it feit dat wij in Koepeldoarp binne, mar ek om it gearwurkjen en de gearhing te symbolisearjen. Fansels sille wij oan dit jubileum as redaksje rom omtinken jaan.

Sa wolle wy de earste Koepel op 'e nij printsje, der komt in glossy en der wurdt wurke oan in Jeugdkoepel. Wy hâlde jimme op de hichte.

Mar it libben gong en giet (gelokkich) fierder, mar eilaas is de syklus fan it libben ûnferbidlik. Want sa moasten wy ôfskied nimme fan twa fan ús doarpsgenoaten.

Sa stoar op 22 desimber 2022 ANTJE BERGSMA – VELDMAN, op 70 jierrige leeftiid. Antje moast in faaie en net te ferslane fijân befjochtsje. Sa as yn de rouadvertinsje stiet hold

Antje graach sels de kontrôle en regy yn eigen hannen, mar har sykte naam dit oer. Antje wie troud mei Johan Bergsma en tegearre wiene se al 45 jier in sterk team. Hja krigen twa bern, Bas en Priscilla en wienen grutske pake en beppe fan harren seis bernsbern. Wy winskje harren in protte sterkte ta om dit grutte ferlies te ferwurkjen en in plakje te jaan.
Ek op 22 desimber ferstoar KLAAS VERHOEVE op 79 jierrige leeftiid. Ek Klaas moast in fijân befjochtsje dy net te befjochtsjen wie. In sykte dy't hieltyd mear fan in minske ôfnimt en it folsleine dwaan, litten, en tinken oernimt. Geregeld seachst Klaas yn syn tún stean te wjudzjen of gers te meanen. Mar wat er ek die, der wie altyd wol efkes tiid foar in praatsje. Klaas boaske op 27 desimber 1968 mei Geartsje Akkerman en tegearre krigen se trije bern, Otto, Jacob en Hetty. Wy winskje ek harren in protte krêft ta om dit grutte ferlies te ferwurkjen.

It nije jier is úteinset yn in roerige tiid, in tiid wer in folslein ûnsinnige oarloch fierder útfochten wurdt en dy't al mannichien syn of har libben koste hat. En dat allinnich omdat ien persoan in oergryslike gleonens nei macht hat. It liket sa ûnwerklik dat ien man, mei in stel eangstige jaknikkers, safolle ellinde feroarsake kin. Mar it is ek de tiid wêryn Trump en Biden beide geheime papieren thús omslingerje litte.
Ja it bin de lytse dingen dy't it dogge, lykas doe't ik myn pakesizzer Mette fan 2,5 jier fan skoalle helle en sy tige lûd 'Pake pake!!' rôp, wêrtroch alle oanwêzigen op it skoalplein wol yn de gaten hienen dat ik de pake fan Mette wie. En dat bin no fan dy lytse dingen dy't it libben sa moai meitsje. Sokke mear soe ik sizze!

Oant de folgende Koepel!
Wim

Basis EHBO cursus

EHBO vereniging Witmarsum e.o. organiseert dit voorjaar 2023 een basiscursus EHBO. Deze opleiding is inclusief Reanimatie, AED, EHBO aan kinderen en Verbandleer.

Wanneer:
Zaterdag 25 maart - Zaterdag 1 april - Zaterdag 8 april

Niemand wil met lege handen staan bij een ongeval. Door te weten wat u kunt doen, kunt u snel iemand helpen. Met het officiële diploma Eerste Hulp van het Oranje Kruis, weet u zeker dat u Eerste Hulp kunt verlenen.
De cursus kost € 250,- incl materiaal. Mogelijk vergoed uw zorgverzekeraar (geheel of een deel) de kosten van de basiscursus, afhankelijk van uw polis

Voor informatie en aanmelden,
neem contact op met ons secretariaat:
ehbowitmarsumeo@outlook.com

Graach dien

Wy fernimme noch al gauris dat men tinkt dat “graach dien” der allinne is foar âldere ynwenners fan Wytmarsum. Dat is net sa, eltsenien dy’t ferlegen sit en net in berop dwaan kin op famylje, kunde of buorlju, helpe wy graach.
Wy hawwe gjin webside, gjin Facebook, dogge net oan Twitter, mar binne gewoan te berikken fia tillefoannûmer: 06-52046445. Op alle wurkdagen tusken 9 en 10 oere.
As it kin op syn minst 2 dagen yn’t foar efkes skilje. Wy kinne dan op tiid foar in frijwilliger soargje.
Wy binne der foar:

- Ferfier en begelieding foar in besite/behanneling yn it sikehûs
- Ferfier nei de fysioterapeut
- Ferfier yn, mar ek bûten it doarp
- In boadskipke dwaan
- Hulp by in putsje
- Efkes medisinen ophelje

It is fergees, allinne moatte wy in kostenfergoeding rekkenje. Dit is 2 euro yn it doarp. Foar ferfier bûten it doarp 0,25 euro de kilometer. Ôf te rekkenje mei de sjauffeur/frijwilliger.
Wolle jimme oare ynfoarmaasje, skilje dan: Ale Kuperus 06-44177206

Hoi! 17

Wil je iets doen aan je gewicht en je conditie en wil je daarbij persoonlijke begeleiding? Dan kan dat sinds kort in Bolsward bij Dylan Hendriksen die in Witmarsum woont. Hoi kreeg een inkijk in zijn bedrijf DPH Workout.
Tevens volgen wij Truida Sluiman als zij weer op pad gaat om

een foto reportage te maken. Wij gaan samen met haar naar Omrop Fryslân voor het programma Noardewyn.
Jan de Ruiter en Kimberley Tegelaar hebben een collectie oude spelcomputers en games. Hoi maakte opnames van deze enthousiaste verzamelaars, die in het voormalige pand van Gerko wonen.
Hoi! 17 gaat in februari online op YouTube kanaal 'Witmarsum in beeld'. We melden dit op Facebook en met nieuwe Hoi! posters in Witmarsum.
Oant sjen, tot Hoi!
Gerke Terpstra, Jannita van der Veer, Wim Beckers en Anja Feenstra

Elk wat wils

De eerste helft van het seizoen zit er al weer op. Door de corona konden ook wij 2 jaar niet kaarten. Omdat de Roskam gesloten is moesten wij ook nog een nieuwe locatie zoeken om te kaarten. Dit hebben we gevonden bij Fair Sound en dat voldoet prima. We zijn blij dat we eind september weer los konden. Dit seizoen hebben we altijd 4 tafels klaverjassers en 1 tafel schutjassers. Hier kunnen echter nog wel wat bij.
Nu de prijs winnaars van de eerste helft van seizoen 2022 – 2023
27 september Schutjassen 1e prijs Sjoerd Nicolai 61 punten. **Klaverjassen** 1e prijs Anna Leyenaar 5834 punten,2e prijs Cees Visser 5834 punten, Anna had de eerste partij meer punten dan Cees. 3e prijs Johannes Adema 5135 punten, 4e prijs Jacob – Leyenaar 5042 punten.
11 oktober Schutjassen 1e prijs Peter Huisman 63 punten **Klaverjassen** 1e prijs Piet Kronemeyer 5215 punten 2e prijs Jacob Leyenaar 5112 punten 3e prijs Douwe Amels 4860 punten.
25 oktober Schutjassen 1e prijs Kobus Jorna 60 punten, **Klaverjassen** 1e prijs Anna Leyenaar 5976 punten, 2e porijs Douwe Amels 5433 punten, 3e prijs Jaap Reitsma 5195 punten, 4e prijs Truida Bergsma 5124 punten.
8 november Schutjassen 1e prijs Kobus Jorna 60 punten, **Klaverjassen** 1e prijs Douwe Amels 5708 punten, 2e prijs Piet Kronemeyer 5570 punten, 3e prijs Johanees Adema 4928 punten.
22 november Schutjassen 1e prijs Kobus Jorna 61 punten, **Klaverjassen** 1e prijs Cees Visser 5250 punten, 2e prijs Jaap Reitsma 5074 punten, 3e prijs Anna Leyenaar 5064 punten, 4e prijs Johannes Adema 5009 punten.
6 december Schutjassen 1e prijs Paul Nota 57 punten. **Klaverjassen** 1e prijs Emmy Hofma 5381 punten, 2e prijs Anna Leyenaar 5152 punten, 3e prijs Cees Visser 4972 punten, 4e

prijs Jaap Reitsma 4896 punten.
20 december Schutjassen. 1e prijs Sjoerd Nicolai 54 punten.
Klaverjassen maatkaarten. 1e prijs Jaap Reitsma/Sjoukje Wind 5250 punten, 2e prijs Cees Visser/Piet Kronemeyer 5225 punten, 3e prijs Cecil Bootsma/Rinkje de Haan 5058 punten,4e prijs Anna Leyenaar/Douwe Amels 4912 punten, 5e prijs Jappie Tichelaar/Bouke Keuning 4656 punten
We hopen verder een mooi seizoen te hebben

De Geast fan it Wythûs

- Haadstik 9
DE KELDER YN
(tekst: Wim Beckers & yllustraasjes: Gert-Jan Veenstra)

De oare moarns fertelt Gjalt wat er belibbe hat oan Trynke en Piter. Mei syn trijen gean se fierder op ûndersyk yn it gemeentehûs en de bybleteek. Mar se komme se net folle oan de weet. Wol wurdt dúdlik dat Menno Simons nea yn dat hûs wennet hat, mar wol twa bruorren en in frou.

It is hjoed echt waar foar in ûndergrûnsk ûndersyk, tinkt Gjalt as er de moarns út bêd stapt, nei in ûnrêstige nacht, wêryn fan alles troch syn holle hinne spoeke hat.
De loft is krekt ien grutte grize brij, dy't syn triennen rinne lit: it reint.
"Giest dochs net leaver mei?" freget heit. "It is no ommers dochs gjin waar om bûten te boartsjen?"
"Nee, ik ha in ôfspraak mei Trynke en Piter. Boppedat fermeitsje wy ús ek wol yn hûs."
"Sels witte. Mar do witst it no. Gjin rotsoai meitsje!"
As heit en mem, nei in protte innen en oanen lang om let it hûs

út gean en Gjalt seker noch tsien kear tasizze moat dat er gjin rotsoai meitsje sil, is de kust frij. It kin heve!
Efkes letter komme Trynke, Piter en Rakker binnen. Se kinne amper wachtsje om de kelder yn te gean. “Op nei de kelder!” balt Trynke as wie sy de ekspedysjelieder. Yn elts gefal is sy dejinge dy’t foarop rint yn’e optocht nei de kelder ta.
“Lit my earst mar.” seit Gjalt, “De kelder hat in gefaarlike drompel, dêr’st gau oer stroffelje kinst en ik wit wêr’t ik oer praat.”

Foarsichtich wurdt de keldersdoar iepene en draait Gjalt, op útdruklik fersyk fan Piter, dochs mar it âlderwetske ljochtknopke om.
“No ha wy teminsten genôch ljocht foar ús ûndersyk” seit Piter, wylst er syn fergrutglês út syn bûse hellet.
De krobben op’e flier binne ûnnoflik ferrast troch dizze ûnferwachte besite en stowe dan ek alle kanten op. Allinnich de spinnen geane ûnfersteurber fierder mei har reagen.
Under it motto: As ik wat doch, dan doch ik it ek goed, sloopt Piter sawat it hiele kastje, dat noch hieltyd skeef yn’e hoeke stiet.
Underwilens ûndersykje Trynke en Gjalt de flier en de muorren om te sjen as sy ek spoaren fine kinne. Rakker snuffelet wat doelleas yn it rûn, nimmen hat ommers tsjin him sein wat er dwaan moat.

Nei in heal oere seit Trynke dat it tiid wurdt om ien en oar ris oer te eidzjen. Under it genot fan in gleske limonade, dat Gjalt út’e keuken helle hat, sette se alles ris op in rychje.
As in echte ûnderwizers dochter nimt Trynke it foartou. “Gjalt en ik ha de flier en de muorren ûndersocht en Piter hat it kastje binnenste bûten keart en wat is it resultaat? Just neat! No ja, wat krassen op de muorre, mar dat komt wierskynlik omdat it kastje dêr tsjin oan skood is.”
Dat kastje hat er alles mei fan dwaan.” wit Gjalt te fertellen. “Oerdeis hie’k it tsjin’e muorre oanskood en de ‘s nachts stie it wer skeef.”

“Fingerprinten! Wy ha it kastje noch net ûndersocht op fingerprinten!” seit Piter ynienen, as hie er in bjusterbaarlike útfining dien.
“Ik tocht sa....”
Mar fierder komt Piter net, want op dat momint begjint Rakker te byljen.
“Hy hy bbbbylet!” seit Piter mei eangst yn syn stim. “Dddat bbbetsjut noait net folle goeds!”
Rakker stiet tusken it kastje en de muorre mei de krassen yn.
Hy is grif skrokken fan wat stiengrús dat fan’e muorre fallen is.” seit Gjalt.
“Dat is it!” ropt Trynke. “Wy moatte de muorren noch beslaan mei in hammer.”
Gjalt hat in hammer meinommen út heit syn kiste mei ark.
“Begjin mar by dy minne muorre, want dêr stie Rakker te byljen.” seit Piter.

Fol ferwachting, mar dochs ek wol in bytsje mei eangst, wurdt de muorre beslein. Mar dat falt ôf. It ienichste lûd wat se hearre is dat fan in hammer dy’t op in stien slacht.
“Dy oare muorre hoege wy net iens te beslaan. It lûd kaam by dizze muorre wei” wit Gjalt.
“Al ús wurk is dus foar neat west?” wol Piter witte, wilens er de hammer fan lilkens tsjin ien fan de hoekstiennen oan smyt.
Gjalt moat it mei syn nije freon iens wêze; it is foar neat west.
“Slaan nochris tsjin dy hoekstien oan” freget Trynke.
Piter docht skouder opheljend wat fan him frege wurdt.
“En slaan no ris tsjin dy minne muorre oan.”
Wer docht Piter wat him frege wurdt.
“Hearre jim it net?”
Gjalt en Piter hearre it net.
“Doch it noch mar ris en harkje dan goed. Dêr is in ferskil tusken dy twa lûden.”
Piter slaat earst tsjin’e hoekstien en dan tsjin’e muorre.
“Do koest wolris gelyk ha.” seit Gjalt. “It lûd fan de muorre is holler!”

Piter heart it ek en balt “Dêr sit wat efter!. Mar ja, komme wy dêr echter? Wy kinne dochs min dy hiele muorre ôfbrekke?”
“Wy brekke gewoan in pear stiennen der út, sadat it kastje der noch krekt foar stean kin, dan sjocht nimmen it.” seit Gjalt.
“Do bist gek! Wy kinne dochs net.....uh no ja, asto it seist.”
Piter syn ferstân is op dit stuit lytser as syn nijsgjirrigens.
“Ik helje in moker en in beitel” seit Gjalt. Hy hat no wol in grut wurd, mar hy moat der net oan tinke as syn âlders hjir efter komme. Mem hie noch sa sein dat se gjin rotsoai meitsje mochten. En dêr falt grif ek it ôfbrekken fan in muorre ûnder.

As Gjalt mei moker en beitel werom komt, hat Trynke al betocht wêr’t se mei it pún hinne moatte: yn it kastje wat Piter wer wat ynmekoar setten hat.
Gjalt is wakker oan it bikken, wylst de oare twa it grús yn it kastje dogge.
“Sjochst al wat Gjalt?” wol Piter witte.
“Wy binne noch mar krekt oan’e gong en sa min is dy muorre no ek wer net.” seit Gjalt.
Nei in skoftke seit Trynke dat se miskien mar better ophâlde kinne; “As der wat west wie, dan hiene wy dat al lang ûntdutsen.”

“Wy ha no A sein en dus dan ek mar B; wy geane troch!” beslút Gjalt.
“Do dochst it fiersto foarsichtich. Lit my ris probearje.” Piter pakt de moker fan Gjalt en slaat in pear kear heislik hurd tsjin’e muorre oan.

“Der sit beweging yn dy stien!” balt Piter ynienen.
En yndied, ien fan de stiennen is wat ferskood. Piter is net mear te hâlden en slacht as in dwylsinnige tsjin de stien oan.
En dan ynienen.....sjit ien stien los!

Tank oan elkenien foar it meilibjen by it ferstjerren fan myn grutte leafde en ús leave heit

Gert Dam

Safolle minsken, leave kaarten en berjochtsjes, dat jout ús steun yn dizze swiere tiid. Elkenien persoanlik te tankjen is hast net te dwaan.

Sa ûnwerklik dat wy ynienen fierder moatte sûnder ús Gert. It fertriet en gemis is grut. De pine is net te omskriuwen. Wy sjogge werom op in waarm ôfskied mei muzyk fan Gert syn bands Jack in the Box en de Makkumer Bluesbrothers.

Anja Feenstra
Lisa & Sanne

Spesjaal foar Gert hat Jack in the Box yn de studio it liet 'Griis' opnommen. Hiel bysûnder, it liet giet oer ferlies en de pine. Graach beslút ik mei de liettekst, oarspronklik troch Nielson en Jaap Reesema, oerset troch Wim Beckers.

Alles is feroare
Alles is itselde
Alles is kapot
Alles docht it noch
Alles stiet stil
Alles giet troch, alles hinne
Der is neat mear wat ik seker wit

It gers wie grien, neat wie grou
De loft wie alle dagen helder blau
Al wien 'der wolken fan soargen bij
Mar dy dreaun altyd wol wer foarbij

Ik bin op syk nei de reade tried
Fan in wrâld dy sa logysk wie...
Ik wol wer sjen sa as ik die
Doe 't ik dij noch hie
Want alles is griis

Alles hat in datum
Alles is ûneindich
Alles is, alles mar falt net te rimen mei
dasto der net mear bist
Want ik kin de sinne wol sjen
mar dy hat de waarmte ferlen
Foar mij draait de wrâld gewoan troch
mar de kleuren jouwe gjin ljocht
Ik bliuw op syk nei de reade tried
Deselde doe't ik dij noch bij mij hie
Ik wit seker da'k dy fine sil
al bliuwt it gemis
ea wurdt it minder griis

Fysio witmarsum
Therapie & Training

Fysio Fitness

Dry Needling
Functionele osteopathie
Manuele therapie
Oedeemtherapie
Medische training
Medical taping
Covid-19 herstelzorg
Hydrotherapie

Medische fitness
Bedrijfsfitness
Streetdance 4 Kids & Teens
Peuter- & kleuterdans
Spinning

Bel 0517-531901 voor het maken van een afspraak of kijk voor meer informatie op fysiowitmarsum.nl

Van Aylvaweg 16 | 8748 CE Witmarsum
Tel. 0517-531901 | info@fysiowitmarsum | www.fysiowitmarsum.nl

Nij Libben

Ook het komende jaar gaan wij ons weer inzetten om u te kunnen verrassen met mooie fanfaremuziek. We hebben er zin in om weer nieuwe orkeststukken in te studeren.

Nieuwe talenten

Wie er ook zin in hebben gekregen is de deelnemers aan het nieuwe talentenorkest met als slogan ''niemand is te oud om nog wat nieuws te leren'' Op dinsdag 8 november zijn 45 aspirant muzikanten gestart om in 10 weken hun talenten op muzikaal gebied los te weken in
MFC De Mande in Nijland. Dit talentenorkest staat o.l.v Guus Pieksma en wordt bijgestaan door Annewiep Bloem
Ook zijn elke week leden van de deelnemende orkesten van Witmarsum, Bolsward, Wons, Nijland, Burgwerd en Schraard aanwezig. Het is geweldig om te horen wat deelnemers presteren zonder enige muzikale ervaring of kennis van muzieknoten. Op 28 januari was het slotconcert . De deelnemers aan dit talentenorkest hebben een nieuwe hobby ontdekt die ze verder kunnen ontwikkelen in hun plaatselijk orkest.

Actie Violen

Op maandag **20 maart** begint de lente. Uw tuin verdient dan nieuwe kleurige bloemen en wij kunnen daar een bijdrage aan leveren met onze violen actie. Een bestelformulier komt binnenkort bij u in de bus.
Op dinsdag 7 maart komen we de de bestelling bij u thuis brengen Naast kleur in de tuin houden we onze vereniging financieel gezond.

Actie oud ijzer

Op zaterdag **15 april** komen wij u verlossen van het opgespaarde oud ijzer.

Oud ijzer kan vanaf 9.00 uur buiten worden gezet. Bij grote partijen contact opnemen met Foppe vd Velde.
0653409490.
Wij hopen u snel weer te ontmoeten en wensen u een gelukkig en muzikaal 2023.
Wilt u meer weten over onze vereniging of hebt u vragen neem dan contact op met de voorzitter van de vereniging Willem Veninga 0517-531635.

S.V. Mulier

Op 16 december hebben we na 2 jaar weer een kaartavond van s.v. Mulier gehad. Het moest wat snel georganiseerd worden, maar toch hadden we nog een mooi aantal deelnemers. We hadden echter maar 1 tafel schutjassers. Daar stond tegenover dat er 5 tafels met klaverjassers waren. We zijn dit jaar uitgeweken naar de vrijdagavond, omdat de kantine op zaterdag bezet was. Hier de prijswinnaars.
Schutjassen 1e prijs Hilbrand Smid met 57 punten. 2e prijs Kobus Jorna met 51 punten.
Dan krijgen we de **klaverjassers**. Hier hadden we 7 prijzen.
1e prijs Jan Murk Postma 5236 punten, 2e prijs Jacob Leyenaar 5173, 3e prijs Jan Sytsma 4961, 4e prijs Gerrit Harm Folkertsma 4945, 5e prijs Cees Visser 4896, 6e prijs Anna Leyenaar 4888 en 7e prijs Douwe Amels 4801.
Nu gaan we weer met de competitie bezig nu de winterstop afgelopen is. Daar wensen we alle teams weer veel succes.
Ook wil ik langs deze weg Chris de Jong bedanken voor de hulp die ik gekregen heb met de organisatie

Kobus Jorna

Ynstjoerd

Dit is in stikje oer 70 jier ferlyn

Ik bin Tiny Dijkstra de Vries en wenje yn Wieringerwerf
Mar 70 jier lyn wenne ik yn Lollum. Der wie gjin iepenbiere skoalle en derom gong ik yn april 1947 nei Wytmarsum.
Tidens myn legere en MULO skoalletiid wie ik yn‘e hûs by Albert en Froukje Bierma, yn it Sinnehûs.
Ik kaam yn de klasse mei Sietske en Rinny de Vries, Jappie van der Zee, Sjoerdtje de Groot, Sietse Posthumus, Houke Anema, Marie Anema, Jan van der Meer, Siepie Scheffer, Griet Rienstra, Jenne Kooistra, Aukje Schaafsma, Doete de Boer , Ida Bleeker (Ballegooien) Grif ferjit ik wol ien of meer. Yn de earste klasse kaam Anneke van Mourik ek by ús yn de klasse.
Nei de ramp yn Sélân kaam Ruutje van Rooijen yn de seisde.
Ek binne der al guon ferstoarn. Ik haw in goede tiid hawn op skoalle. Myn earste juf wie Bep van der Molen, letter krigen wy master Bergsma fan de mooie ferskes, juf Janna Keuning, dy’t troude mei master Theunis Smit, master Kooijenga en de koartlyn ferstoarne Bauke Fokkema. Foar hântwurkjen krigen we juf van der Wel.
Op de Mulo hiene wy de masters de Vries, van der Toorn en Bremer. en immen dy syn namme wit ik net mear.
Sa wie ik ek altyd op gymnastiek by V. en O. En op 31 jannewaris 1953, no dus 70 jier ferlyn, hiene wy gymútfiering op de boppeseal fan Hofstra. It wier pûrmin waar, reine en stoarmje. Folle minsken kamen dêrom net dizze jûn. Altyd in folle seal ,mar no healfol. De measte bern hiene mar ien âlder mei, de oare wier thús , fanwege it minne waar. Ek myn heit kaam allinne op ‘e fyts út Lollum. In healoere te let. Alle groepen diene harren oefeningen. Mar de muzyk by de frije oefeningen, wie hast net to hearren, sa reinde en waaide it.
Oeral lekte it en Hofstra hie gjin amers en bakjes genoch om alle wetter op te fangen.

Wy diene de measte oefeningen op it toaniel,mar ek dêr hearden wy amper de lieding.
Myn heit gong al gau wer nei hûs en ek de minsken wiene gau foart, nei hûs ta.
Ik sliepte yn it Sinnehûs en fytste de oare moarns nei Lollum. Alles foar de wyn.
Ik bin noch noait sa gau thús west, hoegde net iens to traapjen. Doe hearde ik pas fan de ramp.
En elts jier tink ik efkes oan dy gymútfiering fan V en O op de 31ste jannewaris.
Der sille grif wol mear minsken fan doe wêze, dy dit alles noch witte.
Ik bin bliid, dat V en O noch altyd sa aktyf is. Dat alles lês ik yn de Koepel.

Tiny (Tryntsje)Dijkstra de Vries.

MULO Witmarsum (3de klas juli 1956): Wessel de Vries, Jaring Goyenga, Aukje Schaafsma, Meester Van Bremen, Sietse Posthumus, Wirry Broos, Rinse Hilarides, Jelle Tacoma, Griet Rienstra, Sjoerdtje de Groot, Afke Sieswerda, Siepie Scheffer, Geke Bergsma, Jenne Kooistra, Grietje de Boer, Tryntsje de Vries, Reinskje Jorritsma, Wiepie Kooistra.

Openbare Lagere School Witmarsum (1ste en 2de klas 1948): Juf Beitske van der Molen, Sietse Posthumus, Rinnie de Vries, Jan Lemstra, Dikkie van der Bent, Houke Anema, Sietse Dijkstra, Rinske Ozinga, Sietske de Vries, Oeke Steinfort. 2de rij: Doetie de Boer, Aukje Schaafsma, Siepie Scheffer, Jenne Kooistra, Lokke Veenstra, Griet Rienstra, Hetty van der Meer, Sjoerdtje de Groot, Hilly Hooghiemstra, Marie Anema. 3de rij: Aaltje Hoogeveen, Truida Palsma, Jantsje de Groot, Ida Bleeker, Sjoerdsje Wiersma, Tineke Hooghiemstra, Jo Anema, Akke Herrema, Jacqelien Bettink, …..van der Meer, Annie Goslinga, Tryntsje de Vries. 4de rij: Tjepke Herrema, Jappie van der Zee, Piet Huisman, Jan van der Meer, Tsjepke Herrema, Douwe Kooistra, Schelte Dijkstra, Ulbe Lemstra en Gerrit Steensma.

Gazelle.Kreidler en Pointer -dealer
ook andere merken leverbaar

deelnemer Nationale Fiets Projecten

nieuwe en gebruikte fietsen en fiets verhuur

fietsreparaties en fietsaccesoires

ELGERSMA
RIJWIELEN

Openingstijden:
maandag gesloten
dinsdag 9.00-18.00
woensdag 9.00-18.00
donderdag 9.00-18.00
vrijdag 9.00-18.00
zaterdag 9.00-16.00

KAATSPLEIN 6 | WITMARSUM | TEL. 0517-532551
WWW.ELGERSMARIJWIELEN.NL

Loonbedrijf & Kraanverhuur
Klaas Haitsma

Levering van zand en tuinaarde
Verhuur van graafmachines (groot en klein)

Voor alle andere werkzaamheden op het gebied van grondverwerking of verhuur van (graaf)machines hebben (of zoeken) we een oplossing die bij u past!



Pingjumerstraat 26 • 8748 BN Witmarsum • info@haitsmawitmarsum • (0517) 531388
Ook op zaterdag geopend! www.haitsmawitmarsum.nl

Uitvaartver.Witmarsum

Afscheid nemen is een pijnlijk iets, de wereld staat even stil.
Een machteloos gevoel overvalt ons, even niet meer weten wat je moet doen.
Soms is er niet gesproken over een afscheid, omdat het zo ver weg leek, maar dan……..

De bode, dhr. C. van Veen (0517-851909/06-46351620), kan u met raad en daad terzijde staan om een afscheid te regelen zoals het bij uw familielid past.
Ook voor niet-leden is hij bereid, om samen met u, een waardig afscheid te organiseren. Voor niet-leden worden de kosten met 10% verhoogd tot een maximum van € 275,-. Tevens wordt er huur berekend voor het gebruik van materialen zoals: de rijdende baar, kleed en rokje om de kist en het gebruik van het daaltoestel. Deze extra kosten kunnen uitkomen rond de € 400,- per begrafenis.
Misschien is het voor u een overweging waard om lid te worden van begrafenis- en crematievereniging "De Laatste Eer". De contributie voor alleenstaanden is € 17,50 per jaar. Voor een gezin betaalt u € 35,- , hierbij zijn kinderen, mits ze zijn aangemeld, tot hun 18e jaar meeverzekerd.
U kunt vrijblijvend informatie opvragen bij dhr. K. Kroontje (tel.0517-531963), of neem eens een kijkje op de website van de vereniging: www.uitvaartverenigingwitmarsum.nl

Het bestuur:
Dhr. S. Elgersma voorzitter (tel.0517-532551)
Dhr. K. Kroontje penningmeester (tel.0517-531963)
Mevr. A. Posthumus secretaris
Mevr. M. Brandsma-Leijendekker lid
Mevr. C. Yntema lid

Thuis als het kan, in het ziekenhuis als het moet. Welke zorg u ook nodig heeft, wij zijn er voor u. Antonius, voorheen Thuiszorg Zuidwest Friesland, biedt alle soorten zorg aan huis, zoals verpleging, persoonlijke verzorging, nachtzorg én gespecialiseerde zorg.

Dankzij de korte lijnen met ons ziekenhuis kan er thuis heel veel. En als zorg thuis niet kan? Dan helpen we u in ons ziekenhuis in Sneek.

Wij zijn er voor u, zodat u langer thuis kunt blijven wonen óf eerder uit het ziekenhuis weer naar huis kunt.

Annemarie Hannema is wijkverpleegkundige in uw buurt
Welke zorg u ook nodig heeft, zorgteam Witmarsum is er voor u en uw naasten. Annemarie komt graag bij u langs voor een vrijblijvend gesprek. Want ook u verdient optimale zorg, precies op maat.

0515 - 46 18 81

TeamWitmarsum@thuiszorgzwf.nl

mijnantonius.nl/thuiszorg

antonius
zorg die meebeweegt

Us snackplak

Eltsje moarn hear ik
Kom jong, kom, we gean in rûntsje om
Eltse moarn om deselde tiid hinne
Gean wij in rûntsje te rinnen
Myn baas hellet syn maat op
want hij rint ek mei ús mei,
Sûnt koart sûnder Russel,
want hij is der net mear bij….
Ik wie fan de kaart, want ja, hy wie wól myn maat….

In rûntsje troch it Flietserbosk is sûn
Foar de baas, mar ek foar de hûn…

Ik bin dan ek bliid dat ik Goofy mei syn baaske tsjinkom
Wilens Goofy en ik snuffelje, prate de bazen by…
Is der noch nijs? Is der noch nijs?
Ja, meastal hear ik alles ûnderweis.
Dy en dy is siik en sy bin byinoar wei… En sa
bliuwe wij op ‘e hichte en bliuwe wij bij...
Op ‘e rûte komme wy ek wol oaren tsjin
Ja, ja..der wurdt hiel wat ôfpraten yn sa’n‘ rin’

In rûntsje troch it Flietserbosk is sûn
Foar de baas, mar ek foar de hûn…

Yn it ‘losringebiet’ komt Silke ús al temjitte en ik sjoch
Jurre, Billy, Woody, Luna en Bella al sitten.
Tichtby Sus fansels, want sy hat lekkere snackjes
Snackjes foar ús hûnebekjes.
De ein is de sammelplak by Sus har ‘snackplak’
Dêr wurde alle nijtsje nochris útwreidich besprutsen

En sa no en dan wurde wy, de hûnen, derby belutsen
En sa op de ein fan de rit binne wij wer bij
Mar moarn begjint it hiele sirkus wer opnij

In rûntsje troch it Flietserbosk is sûn
Foar de baas, mar ek foar de hûn…

Groetnis fan Tyler

Gymnastiekvereniging

Ondanks dat we al in het jaar 2023 zitten, wil ik toch graag even met u terug naar 17 december 2022.
Het was de dag van de finale van de Turn on tour wedstrijden.
Bij het schrijven van de vorige Koepel was de inleverdatum pal voor aanvang van deze wedstrijd.
Toch vinden wij het belangrijk om de deelnemers van onze gymnastiekvereniging nog wel even te benoemen.

Junior 5	Vanessa Krol 10de plaats
Pupil 5	Rixt Menage 5de plaats
	Elline de Wild 10de plaats

Wederom een fantastisch resultaat waar niet alleen wij, maar zeker ook deze meiden trots op mogen zijn. En dan nu weer terug op aarde en kijken naar het hier en nu.
Als bestuur zijn we behoorlijk tevreden met de start van het nieuwe jaar.
De leiding is weer versterkt met de terug keer van Amber Zaagemans. Als bestuur hebben we de tijdelijke oplossing weten te ondervangen, maar het is toch wel fijn om de leiding weer voltallig te hebben. Per 1 januari jongst leden hebben we afscheid genomen van mevr. F Gaastra en dhr. G Huisman. Zij hebben ons de afgelopen jaren meerdere malen mogen ondersteunen in het verzorgen van de lessen en hulp bij de wedstrijden.
Froukje en George, namens het bestuur en de leden nogmaals dank voor jullie inzet. Laten we nu dan ook gelijk even iets verder in de toekomst kijken. Het zal een ieder niet ontgaan zijn dat tal van activiteiten niet doorgegaan zijn door het Coronavirus.
Heden ten dage mogen wij alles weer, en dat betekent ook dat de traditionele gymnastiek uitvoering dit jaar wel door zal

gaan. Zodra deze Koepel bij u zal verschijnen zijn de kinderen al druk bezig met voorbereiden. De uitvoering zal plaats vinden op 14 April a.s. om 18:30 staren de leden met het vertonen van hun kunsten.
En wederom staan we niet helemaal stil als bestuur en leiding zijnde. We zijn druk bezig met ons te oriënteren op de aanschaf van nieuw materieel. Past het binnen ons budget, past het in de gymzaal en kunnen we het goed gebruiken. Zowel klein als grotere materialen willen we mogelijk aanschaffen. Mogelijk kan ik daar in een volgende Koepel u iets meer over vertellen.

Namens gymnastiekverenging V&O
Remco Gaastra

Yin Life Art

Yin Yoga
Meditatie
& Mindfulness
in Witmarsum

- **Yin Yoga** op dinsdagochtend, -avond en donderdagavond om fysiek soepeler te worden en mentaal meer rust te creëren. Bij voldoende animo start er op donderdagochtend ook een groep.
- **Yin Stoel Yoga** op donderdagochtend. Dit is een mildere vorm van Yin Yoga die op en rondom een stoel plaatsvindt. Het is passend voor mensen voor wie liggen en draaien op de mat minder prettig is.
- De 8-weekse **Mindfulness Training** start in februari op maandagavond (en één zaterdag). Deze training reikt tools aan om meer rust te vinden in het hectische dagelijkse leven. Een heel aantal zorgverzekeraars vergoed (een deel) van deze training. Instroom is eventueel mogelijk!

Voor vragen of meer informatie kijk op: **www.yinlifeart.nl**
of mail naar janneke@yinlifeart.nl

Ynstjoerd

Mijmeringen van Jan
Over geloven én hopen

Bij een benzinestation werd mijn oog getrokken naar een affiche met de woorden: Onze benzine is schoner en dus motoronderhoudend. Ik werd me bewust dat ik die dag al veel meer uitnodigingen had gekregen in iets te geloven om vervolgens te hopen op de waarheid daarvan Mij werd duidelijk dat dit in feite iedere dag en vele keren gebeurt. Onze samenleving staat bol van de reclames met vaak leuke en aantrekkelijke plaatjes, alle met één doel: mij iets laten geloven in de hoop dat ik dat doe. De commercie lust er wel soep van. Onze economie drijft daarop. Zij zijn de jagers, de kopers de gejaagden. En het geld gaat stromen en een welvarende samenleving is tot stand gekomen. Het kan niet stuk, wat een geluk!
Ook de politiek jaagt, maar dan op kiezers. Niet om geld maar om hun meningen en politieke keuzes. Over geloven én hopen gesproken. In alle democratische geregeerde landen is dat een noodzaak en vaak een heftige strijd. Misschien spannen wij in Nederland de kroon met +/- 20 verschillende partijen in de volksvertegenwoordiging. Reclames met de juiste slagzin, een passende kleur en een geloofwaardige foto van de kopman/vrouw, alle doen een beroep op ons geloof in de hoop dat we 'ja' zullen stemmen. Kortom, geloven én hopen, samen vormen ze een enorme kracht waarop vooral de commercie en de politiek dagelijks een groot beroep doen. Als iemand nu nog denkt dat geloven in de kerk thuis hoort, is dat een lachertje. Wij, ontwikkelde en moderne mensen geloven in de bruisende materiele welvaart in de hoop daar deel aan te kunnen krijgen om daardoor iets voor te kunnen stellen. Ik vermoed dat een grotere vergissing maken niet mogelijk is.

Jan Boeijenga woont sinds 2007 in Witmarsum, is 81 jaar en heeft in het onderwijs, in de psychologie en in de zorg gewerkt. Reacties op zijn bijdrage kunt u mailen naar
janboeijenga@icloud.com

ONZE GYMZAAL LOOPT OP Z'N EIND...

WE HEBBEN GEEN CAFÉ EN ZAAL MEER...

GEEN RUIMTE OM ELKAAR TE ONTMOETEN...

Wat zijn onze mogelijkheden?
Wat zijn onze kansen?

Wij willen het graag met jullie hierover hebben.

Dorpsbelang Witmarsum organiseert een brainstormavond.
Kom meedenken, wij hebben jullie nodig!

Noteer het alvast in jullie agenda:
15 februari vanaf 19.45 uur in de Hoekstien.

Met draagvlak creëren we daadkracht!

Met vriendelijke groet,

dorpsbelang
Witmarsum

Kom meedenken, wij hebben jullie nodig!

15 februari vanaf 19.45 uur in de Hoekstien

Gouden Land-project

Nieuws over het Gouden Land project Menno expositie
Exposities in de Koepelkerk te Witmarsum en de Victoriuskerk in Pingjum

De Protestantse gemeente Trijeris Ien in Witmarsum, Pingjum en Zurich en de Stichting Gouden Land hebben in de Koepelkerk een permanente expositie over de basis waarden van Menno Simons gerealiseerd. Het is de bedoeling dat de expositie op termijn serieus gaat bijdragen aan de exploitatie van de kerk. De meeste inwoners van Witmarsum zullen wel van Menno Simons gehoord hebben. Hij was een boerenzoon, geboren in Witmarsum, die tot katholiek priester werd opgeleid. Hij kreeg een functie in de kerk in Pingjum en daarna in Witmarsum, die toen tot de katholieke kerk behoorden. Dit was tussen 1524 en 1536. Het begin van de 16e eeuw was een roerige tijd. Er was strijd om de macht in Europa, sociale onrust, honger en veel ziekte. In die tijd ontstond in Zwitserland en Zuid-Duitsland de beweging van de wederdopers. Kernpunten waren: zelf de bijbel lezen en samen zoeken naar de betekenis; volwassen doop. Deze beide punten laten zien dat eigen keuze belangrijk was. Priesters, bisschoppen en paus konden geen voorschriften geven over geloof en de overheid ook niet. Dat leidde tot gemeenten waarin iedereen gelijk was en tot de scheiding van kerk en staat.

Menno Simons las boeken van Luther en twijfelde steeds meer aan wat de kerk leerde. Hij had steeds meer moeite met doop en avondmaal. Na het lezen van de bijbel kwam hij tot de conclusie dat de katholieke kerk niet verkondigde wat de bijbel leerde en in 1536 verliet hij, na lang aarzelen, de katholieke kerk en sloot hij zich aan bij de wederdopers. Alle niet-katholieken werden hevig vervolgd in die tijd en waren hun leven niet zeker. Dit gold ook voor Menno Simons. Hij moest vluchten en leidde sinds-

dien een zwervend bestaan in de Noordelijke Nederlanden. In de loop van de tijd werd hij een belangrijk man voor de dopers. Zozeer dat veel Doopsgezinden zich nu Mennonieten of Menisten noemen.

In Nederland zijn niet veel Doopsgezinden meer, maar wereldwijd zijn er nog 1,4 miljoen mensen Mennoniet of Menist. Voor deze mensen zijn Witmarsum en Pingjum een soort bedevaartsoord. Regelmatig bezoeken groepen uit het buitenland onze dorpen. Het was jammer dat we deze 'pelgrims' niets konden bieden, behalve een bezoek aan de oude kerken, it Skûltsjerkje en het monument. Gouden Land heeft subsidie van het Waddenfonds, gemeente SWF en Provincie Fryslan gekregen door "Lokaal Werk" uit Pingjum 2 mooie exposities gemaakt in de Koepelkerk en de Victoriuskerk.
In 2022 is er door Yvonne Willems en Ernst Bernson hard gewerkt om de exposities klaar te krijgen.
We kunnen ze nu in beide kerken zien hangen, maar de meeste mensen hebben ze nog niet goed kunnen bekijken en daarom hierbij wat meer uitleg.

Deze exposities vertellen niet zozeer over het leven van Menno Simons, maar willen stilstaan bij het gedachtengoed van Menno en de Menisten. Een belangrijk doel van de expositie is om een stukje bezinning en gesprek op gang te brengen. Wat is écht van waarde, wat is genoeg om een evenwichtig, liefdevol bestaan op te bouwen? Aan de hand van levensverhalen over grondwaarden, diversiteit, schaarste, spreiding, 'see en sied' is de vraag: Hoe verhoud ik mij tot de ander en tot andere organismen in een samenhangend systeem. Deze vragen zijn universeel, van alle tijden en vandaag de dag misschien belangrijker dan ooit. De initiatiefnemers van de expositie hopen dat het niet alleen mooie gesprekken oplevert met bezoekers uit het buitenland, maar ook met leden van de eigen gemeente of mensen die niet (meer) naar de kerk gaan.

In de volgende Koepel meer over de tekst op de panelen. Behalve de exposities in genoemde kerken willen we ook verhalen verzamelen en vertellen over ons Gouden Land gebied. Deze verhalen willen we delen met elkaar en met bezoekers, die ons gebied komen bezoeken.

De verhalen van het Goudenland, die we willen oppakken zijn:
Pingjumer Gulden Halsband
Marneslenk
Menno Simons
Grutte Pier
Jan Timmer

Er is al een tiental belangstellenden dat hiermee aan de slag wil en verder opgeleid wil worden tot verhalenverteller of ambassadeur van het Gouden Land. Ook hierover een volgende Koepel meer informatie. Mensen die ook ambassadeur of verteller willen worden zijn van harte welkom.

Alvast een paar data om in de agenda te zetten:

11 en 12 mei 2023:
Bezoek van een Doopsgezind studentenkoor uit Virginia USA. Zij zullen op donderdag 11 mei 2023 een concert geven in de Koepelkerk. Ze willen van donderdag op vrijdag graag overnachten in een gastgezin in Witmarsum en omgeving. Zou u slaapplek hebben voor 1 of 2 jongeren laat het dan alvast weten aan marijkebaarda@ziggo.nl.

21 mei 2023:
Kerkdienst in de Koepelkerk om 9.30 uur. Voorganger is ds. Flora Visser-van Enkhuizen en zij zal samen met Joost Rosier het verhaal bij de expositie vertellen.

Namens de werkgroep Menno Nu
Marijke Baarda

Amarant
DAMES & HEREN KAPSALON
Al meer dan 25 jaar uw vertrouwde kapsalon
ZATERDAGMORGEN KNIPPEN MET EN ZONDER AFSPRAAK!
KAPSALONAMARANT
MA | GESLOTEN
DIN | 08:30-12:30, 13:30-18:00
WOE | 08:30-12:30, 13:30-18:00
DON | 08:30-12:30, 13:30-18:00
VRIJ | 08:30-12:30, 13:30-18:00
ZAT | 08:30-12:30
ZON | GESLOTEN
Kerkplein 11 | 8748 BP Witmarsum |
Tel. 0517-531947
KAPSALON AMARANT

Wij zijn het thuiszorgteam van Witmarsum en omgeving.
We staan 24 uur per dag, 7 dagen per week voor u klaar met:

- **Verpleging en verzorging**
- **24-uurs alarmering**

Heeft u vragen of bent u op zoek naar een passende oplossing,
dan denken wij graag met u mee!
U kunt contact opnemen met onze wijkverpleegkundige
op telefoonnummer 06-83606917 of via ons mailadres
thuiszorg.witmarsum@patyna.nl

thuiszorg
patyna

Yn't ferline

Hûndert jier lyn waard der troch Reimer van Ruiten in advertinsje yn de Hepkema pleatst. Hy hat foerierappels, rapen en sûkerbiten te keap, je kinne him berikke op telefoannûmer 12. Reimer van Ruiten berne yn Dronryp op 13-10 -1882, hy trout op 17 mei 1905 mei Trijntje Hiemstra berne 14-9-1886 yn Wytmarsum. Hy wie bûtermakker, is om 1917 hinne winkelman, en is keapman as dizze advertinsje pleatst wurdt. Hy wennet dan yn, wat no it Verlengde Oostend 14 is, dêr 't letter skilder Pieter Halma wennet, en hjirnei Jelle Posthumus en no Remco Gaastra.

Der wurdt op 2 febrewaris yn Snits, ta bate fan it tuberkuloazefûns, yn it gebou fan kristlike belangen, in foardracht wedstriid hâlden. Yn de ôfdieling ,,Lúm " is de earste priis takent oan Piet Faber, fan Wytmarsum mei: De earste kear.

Hendrik Topma hat it ek dit jier wer drok, hy siket in smidsfeint op 12 maaie (Alde Maaie), mar leaver earder.

Alde Maaie foel op 12 maaie en wie fan 1701 oant yn de 20e ieu de Fryske namme foar de grutte ferhúsdei yn de provinsje Fryslân.

Foar 1701 waarden op 1 maaie Juliaanske kalinder de pachtoerienkomsten ôfsletten en waarden de feinten en fammen ferhierd foar it kommende jier. 1 maaie wie dus de grutte ferhúsdei yn Fryslân.

Op 1 jannewaris 1701 waard yn Fryslân de gregoriaanske kalinder ynfierd. De kalinder fersprong ien kear 11 dagen, en yn stee fan 1 jannewaris wie it dy dei 12 jannewaris. De Friezen fûnen it ûnbillik om mei weromwurkjende krêft in kontrakt te feroarjen. It neffens ôfspraak hanthavenjen fan it folle rjocht en it folle geniet fûnen se wichtiger. As yn 1701 de grutte ferhúsdei as gebrûklik plakfine soe op 1 maaie, soene de pachters 11 dagen gebrûk fan de grûn misse en soene de boeren 11 dagen

wurk fan harren personiel misrinne. De kontrakten waarden dêrom net op de ‘ Nije Maaie ‘, de nije 1ste maaie, mar op de ‘ âlde Maaie ‘, de âlde 1ste fan maaie of 12 maaie Gregoriaanske tiidrekken, fernijd.
Op de foto in moai wintersk plaatsje, lofts de smidte en wenhûs fan Hendrik Topma.

Minsken as jimme no ek mei sa wat sitte, lit it ús dan efkes witte. Evert Zwier Verlengde Oostend 17 8748AP (532147), Geertje Verhoeve (531392), Titia Banga (531572) of Wietske Sierkstra (532047) e-mail: evertzwier@outlook.com

Agenda februari 2023

6 februari
Vogelwacht Witmarsum
20.00 uur, kantine Mounewetter, film Afsluitdijk 2 ‘Nature De Waard’ van de Makkumer filmmaker Henry Spruyt.

14 februari
Kaartclub Elk Wat Wils
19.45 uur, Fairsound

28 februari
Kaartclub Elk Wat Wils
19.45 uur, Fairsound

SNEEK RECYCLING
MILIEUSTRAAT &
CONTAINERVERHUUR
Voor bedrijf en particulier
Touwslagersstraat 20
0515 820240
BESTEL JE CONTAINER DIRECT OP:
WWW.SNEEK-RECYCLING.NL

ROBBEN
METAALRECYCLING SNEEK
Zadelmakersstraat 26
8601WH Sneek
Tel: 0515 245050
DE BESTE PRIJS
VOOR UW OUD IJZER
Voor bedrijven, particulier
& verenigingen
WWW.ROBBENMETAALSNEEK.NL

Kolofon

Útjefte fan de gearwurkjende ferienings:

PCOB Wûnseradiel
PKN Wytmarsum
St. Koepelconcerten
St. Oars as Oars
Popkoar Wytmarsum
Gymnastiekver. ”V. en O.”
Muziekver. ”Nij Libben”
Toneelver. ”Surprise”
Perm. Commissie”
Kaartclub “Elk wat Wils”
E.H.B.O.
Bejaardensoos
”De Koepeldûnsers”
K.V. “Pim Mulier”
Sportvereniging ”Mulier”
Ver. voor Dorpsbelangen
Ondernemersvereniging Witmarsum
Tennisclub
IJsclub
Sticht. Zwembad ”Mounewetter”
Zangver. ”Scheppingsgave”
Vogelwacht
Graach Dien
Jeu de Boules ver. “De Mouneboulers”
Begr.-Crematiever. “De laatste Eer”
Triatlon Witmarsum
ZorgcentrumAylva State
Stichting Ekspedysje Wytmarsum
MFC It Fliet
Loopgroep Witmarsum
Trekkerdei Witmarsum
Til. nr sekretariaat: 0517-531205

De kopij foar de maart Koepel moat uterlik 17 febrewaris ynlevere wurde fia de mail: redactie@dekoepel.frl en famyljeberjochten ek byAdri de Vries, Tsjerkelân 38, 8748 BJ, Wytmarsum.

Adreswizigingen en opsizzingen skriftlik oan boppesteand adres of fia de mail.

Berjochten foar de agenda nei: agenda@dekoepel.frl

Tariven 2023

Meidielings/advertinsjes 1 bledside	€50,-
Meidielings/advertinsjes 1/2 bledside	€30,-
Famyljeberjochten/betank-advertinsjes	€15,-
Bertekaartsjes	€15,-

De Koepel komt 11 kear yn it jier út, it earste wykein fan de nije moanne.

Post-abonnees dy’t net lid (mear) binne fan in by De Koepel oansletten feriening betelje in minimale bydrage fan **€15,- it jier**. Wytmarsummers en oare lêzers om utens dy’t lid binne fan boppesteande ferienings binne ús neat skuldich; in frijwillige bydrage is fansels altyd wolkom en wurdt troch ús tige op priis steld!
Rabobank rek.nr. NL 23 RABO 03715.56.201

Internet

Homepage: **www.dekoepel.frl**
E-mail adres: **redactie@dekoepel.frl**
Facebook: **webmaster@dekoepel.frl**

Hofstra bouw

Zorgeloos (ver)bouwen

Nieuwbouw Verbouw Renovatie Modernisering

**Wilt u een open keuken? Denkt u na over een aanbouw of serre?
Wilt u boven een dakkapel voor meer ruimte? Heeft uw badkamer een opfrisbeurt nodig? Kan er een extra slaapkamer op de garage?**

Onze klanten zijn zeer tevreden over onze stijlvolle ontwerpen, over onze heldere afspraken, onze verrassende oplossingen, bouwkwaliteit en over de goede samenwerking. Wilt u weten wat het resultaat is van de verbouwing, dan maken we vooraf een 3D-ontwerp.

Hofstra Bouw, het meest veelzijdige bouwbedrijf van Friesland.
Profiteer van de voordelen en neem vrijblijvend contact met ons op.

www.hofstrabouw.nl